

Preek oer Lk.7,47 (Driezum / Oerterp, 1 maaie 2016)

Fotum en groetnis	Fotum en groetnis
Gez.133	Ps.148:1,3
10 wurden fan it ferbûn	Gebed
Ps.32:1,2	Skriftlêzing: Luk.7,36-50
Gebed	Ges.140
Skriftlêzing: Luk.7,36-50	Tekst: Luk.7,47
Ges.140	Preek
Tekst: Luk.7,47	Ps.56:5,6
Preek	Apostoalyske leauwensbelidenis
Ps.56:5,6	Ges.133:3,4,5
Tanksizzing en foarbea	Tanksizzing en foarbea
Kollekte	Kollekte
Opw.428	Opw.428
Segen	Segen

Gemeente fan de Heare Jezus,

Dy sneins soe it hillich nachtmiel fierd wurde. Mar net troch broer en suster X. De tsjerkerie hie it better fûn as sy dy kear mar net dielnamen. It soe oanstjit yn 'e gemeente jaan as sy meidienen oan it miel fan de Hear as wie der neat oan 'e hân. De man wie dêrom mar thúsbleaun. Ja, hy hat nooit wer yn tsjerke west. De frou wie der al. Doe't de skaal mei brea oan har ta wie, joech se him troch sûnder der sels fan te iten. Mar de triennen stienen har yn 'e eagen. Doe't se ek de beker trochjoech, begûn se sêft te skriemen. Miskien hat net elkenien har gûlen heard. De minsken om har hinne wol. Har dominy hearde it ek. Hy seach har triennen en wie der mei oanklaud. Hie de tsjerkeried der wol goed oan dien en hâld har fan it nachtmiel ôf? Want faaks wie der dy moarns net ien dy't sa'n langstme hie nei ferjouwing fan har sûnden as dy frou.

Mar it ferhaal is noch net út. Want nei de tsjinst luchten de âlderlingen it moed yn 'e tsjerkeriedskeamer. Sy hienen mar argewaasje hân fan 'dat frommes mei har gejangk'. Ien fan har sei: "Wêrom bliuwt dat minske ek net gewoan thús, krekt as har man?"

Oan dy tsjerketsjinst moast ik weromtinke, doe't ik it ferhaal lies oer dy sûnderesse dy't Jezus de fuotten wosk mei har triennen. Want dy frou rôp by dy âlderling deselde reaksje op as dy sûnderesse by Simon de Fariseeër. Wat docht dat minske hjir? Se hat hjir neat te sykjen, want se is in sûnderesse. Soe Jezus wier in profeet wêze, dan soed Er gau ôfweve mei dat healwize frommes oan syn tafel. En yndie, Jezus nimt it wurd. Mar Hy seit net wat tsjin dat frommes, mar tsjin him: "Simon, ik haw jo wat te sizzen".

No ûnderbrek ik mysels efkes. Want ik wol jim freegje: Tink ris mei oer de ôfrin fan dizze preek. Jim hoege net lûdop antwurd te jaan. Tink allinnich foar jim sels ris nei oer de fraach oft't no al sizze kinst wat it boadskip fan dizze preek wêze sil. Jezus hat wat te sizzen. Net tsjin dy sûnderesse, mar tsjin dy Fariseeër. Tsjin wa soe Jezus dan hjoed wat te sizzen ha?

Ik tink datst antwurdzje soest: "Jezus soe wat te sizzen ha tsjin leauwigen dy't sûnders leechlizze. Bygelyks sa'n âlderling, dy't fûn dat dat frommes mei har gejang better thús bliuwe kind hie. Sa'n man is gjin âlderling, mar in Fariseeër". Mar sûnder mis sille der minsken wêze dy't fine dat sa'n âlderling gjin útsûndering is. Fansels, yn teory is elkenien yn tsjerke in sûnder, mar yn 'e praktyk is de iene dochs in gruttere sûnder as de oare. Salang't allinnich God fan dyn sûnden wit, bist eins gjin sûnder. Mar as dyn sûnden iepenbier wurde, dan bist pas wier in sûnder. Dat ûnderskie tusken geheime en iepenbiere sûnden soarget derfoar dat geheime sûnders har frij fiele en haw in grut wurd oer iepenbiere sûnders. As dat skynhillige gedoch ris yn 'e preek oan 'e kaak steld wurde koe!

Miskien moat ik dat fierderop yn 'e preek yndie wol dwaan. Mar ik fiel der near foar en helje út nei sa'n âlderling dy't leauwer sjoen hie dat dat frommes mar thúsbleaun wie. Of nei in tsjerke dy't ûnbarmhertich is yn syn oardiel oer sûnders. Want ast it ferhaal út Lukas 7 lêze wolst as Gods wurd foar dy, dan moast dy ôffreegje wêr'tsto sels yn it ferhaal foarkomst. Mei wa soest dysels fergelykje wolle: mei dy Fariseeër, mei Jezus of mei dy frou?

As ik freegje mei wa'tst dysels fergelykje woest, dan soenen guon fan jimme antwurdzje: "Ik soe op Jezus lykje wolle". Oaren doare dat sa net te sizzen. Want kin dat wol: op Jezus lykje? Dochs stiet it al sa yn Paulus' brief oan 'e tsjerke fan Filippi: "Jimme moatte fan itselde betinken wêze as Kristus Jezus" (Flp.2,5). Je soenen ek sizze kinne: Jimme moatte deselde mentaliteit as Jezus ha. Wat Jezus' mentaliteit wie, dêr kinne wy ek yn it ferhaal út Lukas 7 wat oer lêze. Dan ûntdekke wy benammen hoe't Jezus sjocht. Hiel oars as dy Fariseeër. Want dy sjocht yn dy frou allinnich mar in sûnderesse. Mar Jezus seit tsjin Simon: "Sjogge jo dizze frou?" Blykber fynt Jezus dat Simon dy frou net fuortsjen mei, mar dat er har oansjen moat. Soe Simon mei Jezus' eagen sjen, dan soed er ek sjen hoe moai at dy frou wurden is troch har leafde. Sa sjen te kinnen nei oaren...!

Mar doe't wy in foarbesprek hienen oer de preek, sei ien út 'e groep: "As ik earlik bin, lykje ik mear op dy Fariseeër. Ik feroardielje minsken ek. Foaral minsken dy't sa bliid mei Jezus dogge kin ik mar min oer. Dan tink ik by mysels: Minske, doch gewoan". Sy soe dus krekt sa reagearre ha op dy frou as dy Fariseeër. Mar besykje dy ek ris yn te tinken dat ien Jezus' fuotten wiet makket mei har triennen en ôffaget mei har lange hier. Ja, in frou dy't oanienwei Jezus' fuotten tutet. Sjochst it foar dy? Soest dan ek net tinke: Wat is dat foar healwiis gedoch? Soks dogge je dochs net?

Mar wêrom die dy frou dat dan al? “Omdat se wanhopich wie”, sei ien. Dat koe wol ris ticht by de wierheid wêze. Der is mear fan dy frou te sizzen as dat se wanhopich wie. Mar dat wie se dochs ek. In hiel skoft hie se de skyn ophâlden dat it praat dat oer har gie har neat skele koe. Minsken hawwe no ien kear ien noadich om op delsjen te kinnen. Dan fiele se harsels better. Want al hoe min se sels ek wêze meie, net sa min as ‘dy sûnderesse’. Se dienen mar. It soe har in soarch wêze. “Wa’t mei ien finger nei in oar wiist, wiist mei trije fingers nei himsels”, sei se altiten. Mar doe’t se hearde dat Jezus fan Nazaret yn ‘e stêd wie, bleau der fan har ûnferskilligens hielendal neat oer. Se fleach it hûs yn dêr’t Jezus oan it miel siet, knibbele by syn fuotten del en barste yn triennen út.

Wat wienen dat no foar triennen? Wie it allinnich mar fertriet of siet der ek noch wat berou by? Ik fiel by mysels in gefoel fan wjeraks opkommen as ik dy fraach sa stel. Moat ik de triennen fan dy frou ûnder de mikroskoop analysearje? Moat ik útmeitsje oft se gûlde om de pine dy’t se salang tebektwongen hie of om de sûnden dy’t se salang goedpraat hie? Mar al soe ik fêststelle kinne dat der yn dy triennen safolle persint fertriet en safolle persint berou siet, myn analyse is gjin stoer wurdich as ik Jezus sizzen hear: It wienen gjin triennen fan fertriet, ek gjin triennen fan berou, mar triennen fan leafde. Want wat seit Er tsjin Simon de Fariseeër?

“In jildsjitter hie twa skuldners. De iene wie him fiifhûndert denaarjes skuldich, de oare fyftich. Se koenen net betelje en doe skonk er it harren allebeide. Wa fan harren sil dan it meast fan him hâlde?” Yn ‘e Fryske Bibel stie it krekt wat oars. Net: “Wa fan harren sil it meast fan him hâlde”, mar: “Wa fan harren sil him it meast tagedien wêze”. Hâlde fan in jildsjitter, dat klinkt ek wat nuver. As sa’n man dy dyn skuld skinkt, silst him o sa tankber wêze. Mar fan him hâlde? Of do moast troch dyn skulden finaal oan ‘e grûn sitte. In skuld fan fyftich denaarjes is al net om ‘e nocht. Want út in oare gelikenis fan Jezus witte wy dat in denarje in deihier wie (Mt.20,2). Foar in skuld fan fiifhûndert denarje moatte je dus fiifhûndert dagen wurkje. Dat is sawat oardel jier. Teminsten, ast gjin jild útjaan hoechst oan iten, klean en hier. Hoe silst sa’n skuld oait ôflosse, ast ek noch libje moast? Wurdt sa’n gigantyske skuld dy skonken, dan is tagedienens in fierstente swak wurd foar watst dan fielt. Fan ien dy’t samar sa goed foar dy is kinst allinnich mar in ynlik soad hâlde.

Simon de Fariseeër begrypt bêst genôch wat Jezus him mei dy gelikenis sizze wol. Dy moat wol slaan op dat healwize minske oan ‘e fuotten fan Jezus. Sy is dy frou dy’t oerrint fan leafde om’t har in skuld fan fiifhûndert deihieren skonken is. Mar wa is hysels dan? Komt hy ek foar yn it ferhaaltsje dat Jezus krekt ferteld hat? Is hy dy oare skuldner, dy’t minder skonken is omdat er ek minder skuld hie? Dêr soe der it ek noch wol mei iens wêze. Want fansels, wy dogge allegear sûnden en hawwe allegear

ferjouwing noadich. Mar hy hie gelokkich net safolle ferjouwing noadich as dat frommes. Har skuld wie wol fiifhûndert denaarjes, sinent mar fyftich denaarjes. Je soenen sizze dat hy it dus net sa min dien hie as dy frou. Mar hy fielt mei de klompen wol oan dat er dat net sizze kin. Want Jezus frege net: “Wa hat grutste skuld?”, mar: “Wa hat de grutste leafde?” En dat wie hy net. Dat wie dy frou. Syn antwurd op Jezus’ fraach klinkt dêrom nochal sunichjes: “Wa’t er it measte skonken hat, tinkt my”.

“Dat hawwe jo goed sjoen”, seit Jezus. Mar wat Jezus fierder sei sil de Fariseeër no net as muzyk yn ’e earen klonken ha. Al folge it út syn eigen antwurd. “Sjogge jo dizze frou? Ik bin by jo yn ’e hûs kommen. Wetter om te fuotwaskjen hawwe jo My doe net jûn, mar sij makke My de fuotten wiet mei har triennen en fage se mei har hier ôf”. Sa giet it mar troch: “Jo net dit, sy wol dat”. Alweroan fergeliket Jezus him mei dat frommes en alweroan falt dy fergeliking yn syn neidiel út. Kinst der dan noch grutsk op wêze datsto net sa’n grutte sûnder bist as in oar? Neffens Jezus net. Want dan bewiisto ek net sa folle leafde as dy oare. Dat is yn alle gefallen al de konklúzje dêr’t Jezus syn ûnderrjocht oan Simon de Fariseeër mei ôfslút: “De sûnden binne har ferjûn, en dat wienen hiel wat. Oars soe se net sa leafhawwe kinne. Mar wa’t mar in bytsje ferjûn is, sil ek mar in bytsje leafhawwe”.

De fraach dy’t Jezus net allinnich oan dy Fariseeër mar ek oan ús stelt is dus: Op wa fan dy dy beide skuldners út ’e gelikenis likest no it meast? Op dy man dy’t in soad ferjûn wurde moast of op dy man dy’t mar in bytsje ferjûn wurde hoegde? It antwurd op dy fraach kinst fine yn dyn eigen libben. Strielest in soad leafde út, dan hast blykber in soad ferjouwing krigen. Mar strielest mar in bytsje leafde út, dan hast blykber mar in bytsje ferjouwing krigen.

Dy Fariseeër wie der yn ’t earst noch wol grutsk op dat him net safolle ferjûn hoegde te wurden as dy frou. Mar dy grutskens bliuwt neat fan oer as Jezus tsjin him seit: “Sjogge jo dizze frou?” Blykber is Jezus fan miening dat hy in foarbyld nimme kin oan dy frou. Oan har kinne je sjen wat genede mei in minske docht. “Kin ik dat oan dy ek sjen, Simon?”

Folje yn stee fan ‘Simon’ dyn eigen namme ris yn. “Sjochsto dy frou, [David]. Oan har kinne je sjen wat genede mei in minske docht. Kin ik dat oan dy ek sjen, [David]?” Miskien fersetst dy ynderlik wol wat tsjin dy fraach. Moat ik dan krekt as dy frou yn triennen útbarste oer myn sûnden? Dat is neat foar my. Sa’n ien bin ik net. Dochs seit de Kategismus al dat by de wiere bekearing heart “dat it ús ynmoedich leed docht, dat wy God troch ús sûnden fergrime hawwe” (HK f&a 89). Hasto wolris djip fertriet hân oer dyn sûnden? Is it wolris ta dy trochkrongen datsto mei dyn hâlden en dragen likemin foar God bestean kinst as in oar? Tochtst no wier dat it mei dy wol wat tafoel? Hast dan wolris by Jezus west? Hast Him alris foar dyn eagen stjerren sjoen oan dyn sûnden?

De frou hat al by Jezus west. Mar sy hat Him dochts net foar har eagen stjerren sjoen oan har sûnden, soenen je sizze. Dat is wier. Dochts kaam sy net allinnich by Him om te gûlen oer har sûnden. Sy kaam ek om Him mei oalje te salvjen. Op de iene of oare wize wist se al dat Hy de iennichste wie dy't har rêde soe fan it oardiel. Net allinnich it oardiel fan 'e minsken, mar ek it oardiel fan God. As der foar har ferjouwing wie, dan allinnich by Jezus. No't se Him fûn hat, biedt sy Him net allinnich har triennen oan, mar ek har leafde. Se salvet de fuotten dêr't Jezus stêd en lân mei ôfreizget om sûnders te roppen. By dy frou is dêrom ek de oare kant fan de wiere bekearing te sjen. Want dy bestiet net allinnich út ynmoedich leed, mar ek út "in hertlike blydskip yn God troch Kristus en nocht en leafde om neffens de wil fan God yn alle goede deden te libjen" (HK f&a 90). Dat docht in moeting mei Jezus mei dy: je ha noch en leafde om foar God te libjen. Dêrom freegje ik dy nochris: Hasto wolris by Jezus west? Hasto wo ris fertriet oer dyn sûnden hân lykas dy frou? Hâldsto wol fan Jezus lykas dy frou?

En Jezus sei tsjin har: "Jo leauwe hat jo behâld west. Gean yn frede nei hûs". Mei rjocht sei ien by it foarbesprek, dat der net stiet: "Jo *leafde* hat jo behâld west". Dy frou wurde net rêden troch har triennen, troch har hier, troch har oalje. Se waard rêden omdat se nei Jezus ta flechte, de boarne fan leafde. Mar sjoch it wetter fan syn leafde no ris oer har útstoart wurden. Wat is se ynienen moai. Wat is se ynienen rein. Sa moai, sa rein makket Jezus dy. In nije minske, dy't ivich libbet.

Amen.